

MOASJE

In te vullen door de griffie

Nr:



PPN 2026-2029 | Undersyk fuotbal-/sportfjilden Rinsumageast en Driezum/W'wâld

De Ried fan de gemeente Dantumadiel, yn gearkomste op 7 july 2025,

Konstatearjend dat:

- sportfoarsjennings yn lytse kearnen ûnder druk stean;
- fuotbal yn de doarpen in wichtige maatskiplike funksje hat;

Fan miening dat:

- ynwenners ek yn Rinsumageast en Driezum/Wâlterswâld rjocht hawwe op goede sportfasiliteiten;
- benammen foar it trainen de fjilden it hiele jier sa optimaal mooglik brûkt wurde kinne;

Fersyket it kolleezje:

- om in analyze út te fieren fan de fysike steat, gebrûk en takomstbestindigens fan de sportfjilden yn de beide kearnen;
- dêrby yn te gean op mooglike gearwurking, ûnderhâldsbehoefte en finânsjele ynfolling;
- en de ried yn it 1e kwartaal fan 2026, mar foar 18 maart, te ynformearjen oer útkomsten en opsjes lykas tûke techniek (drainaazje en yrrigaasje) en/of hybride/keunst fjilden.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Ûndertekening

Hilbrand Visser, CDA Dantumadiel

Beslút

Foar	Tsjin	Oannommen	Paraaf griffier
		Fersmiten	